

Oprjuchtingsbrief

De ûnderskreaunen, neiteam fan Ytzen Lieuwes Tamminga en Hiltje Karsjens Kalma, harrensels yn'e mande neamend "Wurkgroep Tamminga", binne iens in feriening oprjochtsje te wolle foar eltsen ien dy't heart ta itselde neiteam.

Namme fan'e feriening

FERIENING NEITEAM TAMMINGA

Sit fan'e feriening

De feriening hat har sit te Ljouwert.

Doel fan'e feriening

De feriening hat ta doel it kontakt tusken de leden fan it Tamminga-skaai te befoarderjen en histoaryske nijsgjirrichheden oer en fan it skaai te sammeljen en dêrta in webside te ûnderhâlden.

Bestjoer

De feriening hat in bestjoer dat op syn minst bestiet út in foarsitter, in skriuwer en in skathâlder. It bestjoer wurdt oansteld en krijt dien fan de algemiene ledegearkomste by meartal fan stimmen. It bestjoer bringt binnen seis moanne nei ferrin fan it boekjier in jierferslach út. It jierferslach wurdt kontrolearre troch in kaskommisje dy't bistiet út in trijetal. De kaskommisje foar it takommende jier wurdt beneamd troch de jiergearkomste by meartal fan stimmen.

Ledegearkomste

Leden kinne wêze elts dy't ôfstamt fan Ytzen Lieuwes Tamminga en Hiltje Karsjens Kalma. De leden wurde ta in gearkomste oproppen troch it bistjoer. De opropping bart per e-mail. Elts lid hat ien stim. De leden hawwe it foar't sizzen yn'e feriening by meartal fan stimmen.

Jildelike bydragen

Fan de leden kin in jildelike bydrage frege wurde. In kassaldo wurdt bistege oan it doel fan 'e feriening

En rjochtsje dêrta op dit stuit dizze feriening op troch it ûnderskriuwen fan dit brief.

Nammen fan de oprjochters

Hantekenings